

## Jierferslach 2018 fan de Ried fan de Fryske Beweging

### Algemiën

Yn 2018 hat de Ried fan de Fryske Beweging wer in protte by de ein hân. Hjirûnder in kar út it bûnte ferskaat fan saken dêr't de Ried oer te set west hat.

### Bestjoersgearstalling

It bestjoer bestiet út: Geart Benedictus (foarsitter), Renze Valk (skriuwer), Arjen Dijkstra (ponghâlder), Nanne Hoekstra, Hans Kort, Folkje Koster, Aant Mulder en Siem de Vlas. Geart (o/m 3 desimber 2018).

Adviseurs fan it bestjoer binne: Geeske Krol-Benedictus en Sybren Posthumsu (o/m 3 desimber 2018).

Administratyf meiwurker is: Baukje Westra-Keulen.

### Polityk

#### Bestjoerlik oerlis POK mei Provinsje (deputearre Poepjes)

De Politike Kommisje (POK) fan de Ried hat yn jannewaris in bestjoerlik oerlis hân mei de Provinsje, dy't fertsjinwurdige wie troch deputearre Poepjes. De POK is breed gearstald troch alle politike partijen hinne en jout frege en net-frege advizen. Oangeande in tal ûnderwerpen hawwe hja mei it ministearje fan Ynlânske Saken praat: Frysk yn it ûnderwiis, Dingtiid en it Frysk yn it algemiën. Dat is ek bepraat mei de Provinsje.

#### Taalnota Frysk

Ljouwert (*Frysk. Dúdlik yn byld!* Taalnota Frysk) is bepraat en hat laat ta it ynsprekken, ferstjoeren fan in skriftlike reaksje oan de riedsleden en in parseberjocht. Opmerklik feit: Omrop Leo frege om in Hollânske oersetting fan dat lêste... De nije gemeente Ljouwert wol no minder tiid en jild stekke yn it Frysk as earder de lytse gemeente Littenseradiel.

#### Skaad-BFTK

Op 27 juny is de saneamde skaad-BFTK (skaad Bestjoersoerienkomst Fryske Taal en Kultuer 2019-2023) "*Dúdlike doelen foar in Fryske takomst*" oanbean oan deputearre Sietske Poepjes en de foarsitter fan it Steatekomitee Frysk, Fenny Reitsma. Tige wichtich punt yn de skaad-BFTK is it oanrunen op better ûnderwiis oer alle boegen. De kommisje hat dêr in protte wurk foar ferset en de kommisje is troch de deputearre útnûge bywêzich te wêzen by de ûndertekening fan de echte BFTK kommende hjerst. Wy sille noch neigean oft it doel hat om de skaad-BFTK ek yn De Haach oan te bieden (mei in oersetting).

#### Sukses foar de Ried yn Den Haag !

Op tiisdeitemiddei 18 desimber wie de Ried yn De Haach en hat dêr in petysje oanbean oan de Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken. Dy petysje wie basearre op de konklúzjes fan ús Skaad-BFTK.

Dy waard ôfrûne simmer al op 27 juny oanbean oan deputearre Poepjes. Sjoch *ItNijs.frl Skaad-Bestjoersôfspraak Frysk foar deputearre Sietske Poepjes*.

In delegaasje fan it bestjoer wie yn De Haach mei in tal bestjoersleden en koe in praatsje meitsje mei keamerleden. Aant Mulder hat der in artikel oer skreaun op It Nijs: *Keamerleden prate daliks oer de petysje fan de Fryske Beweging!* De Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad hawwe rom omtinken jûn oan dy aksje.

Nei oanlieding fan de petysje hat de Keamerkommisje kontakt opnommen mei de ferantwurdlike minister Kajsa Ollongren, dy't ûndertusken al wer in antwurd stjoerd hat. De Ried hat in ôfskrift fan dat antwurd krige en hat dêr wer in reaksje op jûn.

### **Ried fan Europa**

Ein novimber kaam it *Committee of experts* fan de Ried fan Europa nei Ljouwert. Dat bart ien kear yn de trije jier mei as doel om nei te gean yn hokker mjitte de by de wet fêstleine taalôfspraken neikommen wurde en wat de problemen binne. Mear ynformaasje is te finen op It Nijs: *Ried fan Europa yn Ljouwert*.

### **Wat ús bynt**

Op 6 maart waard de earste gearkomste fan WUB (Wat ús bynt) holden mei sa'n 30 organisaasjes. De deputearre hat de ôftraap jûn. WUB stiet foar it inisjatyf om alle Fryske organisaasjes, dy't kleur jouwe oan it eigene fan Fryslân mei-inoar te ferbinen. Elk fan dy organisaasjes jout útsoarte in eigen sfear oan wat wol de Fryske identiteit neamd wurdt.

## **Ynterne saken**

### **Bestjoerswikselingen**

Op 18 oktober 2018 is der yn de grutte hjerstgearkomst is ôfskied nommen fan de bestjoersleden Renze Valk en Siem de Vlas. Renze wie 12 jier by de Ried belutsen as skriuwer en hy hat yn dy funksje in ûnbidich soad wurk ferset. Spitigernôch koe er fanwegen sykte net by ús gearkomste yn desimber yn Easterein wêze. Nei twa kear yn it MCL is er wer thús en oan de betterjende hân.

Siem de Vlas kaam yn it bestjoer yn novimber 2011 en hy hat him neist in grut tal oare saken ynset foar de organisaasje fan de Fryske Reklamepriis. Wy misse mei dy minsken betûfte bestjoersleden. Sybren Posthumus dy't in grut tal jierren as adviseur by de Ried belutsen wie, hat spitigernôch ek ôfskie nimme moatten. Posthumus hat op it mêd fan politike beslútfoarming en beliedssaken in soad betsjut foar de Ried. Tige tank oan dy trije minsken!

### **Op syk nei nije foarsitter**

Lykas in soad ferieningen is it foar de Ried fan de Fryske Beweging in wrakseling om nije bestjoersleden te finen. Sa binne wy al in jier dwaande om in man of frou te krijen dy't it foarsitterskip oernimme wol. Dat is oant no ta net slagge. Undertusken hat Geart Benedictus yn desimber syn bestjoersfunksje en foarsitterskip dellein.

Benedictus hat in soad kwaliteiten en gelokkich bliuwt er foar de Ried beskikber as ekstern adviseur foar politike saken. Oant en mei de grutte riedsgearkomste yn maaie wurdt it foarsitterskip waarnommen troch bestjoerslid Pier Bergsma.

### **Nij Strategysk Plan 2018-2021**

Yn de gearkomste fan de Grutte Ried is it nije Strategysk Plan 2018-2021 fêststeld. In pear wichtige punten binne it opstellen fan lange termyn doelen foar it Frysk, it fuortsterkjen fan in brede en stevige netwurkorganisaasje dy't foar Fryslân en syn identiteit yn brede sin opkomt (WUB), in soarte fan "Taalwacht" ynstelle dy't de oerheden ferget op it neikommen fan de Taalwet en it publyk mear oansprekt, dêrby belûkt en bewust makket. Fierders moat der in bettere lobby foar Fryslân komme en wol de RfdFB in bettere PR opsette foar de Fryske saak en foar de Ried sels. Der komt in nije PR-kommisje dy't dêroer te set sil. Oan ús stipers en frijwilligers sil ek mear omtinken jûn wurde.

### **Gearwurking mei It Fryske Gea**

Ein 2016 is de gearwurking tusken It Fryske Gea (IFG) en de Ried úteinset om it brûken fan de Fryske taal yn de uteringen fan IFG (sa as it webstee, parseberjochten, oersettingen) te befoarderjen. Mei dy noflike gearwurking en sponsoring wurdt trochgien.

### **Berikberheid**

De Ried is telefoanysk net mear berikber. We sille sjen wat wy dêroan dwaan kinne. Fansels kin it altiten fia de bestjoersleden. Sa as bekend hat de Ried no ûnderdak fûn by Tresoar (Bûterhoeke 1) yn Ljouwert.

## **PR en publiciteit, It Nijs en De Nije**

### **Plombrieven**

Der binne plombrieven ferstjoerd nei it pankoekrestaurant De Duivelsberg yn Berg en Dal en Noordenbos Leanbedriuw yn Wyns fanwegen it brûken fan de Fryske taal. De Ried hopet dat it belied fan soksoarte bedriuwen de Fryske hoareka en it MKB ynspirearje sil om it Frysk ek te brûken.

### **Fear yn de broek**

Op 19 july is de 'Fear yn 'e broek' foar it omgean mei it Frysk útrikt oan direkteur Hettinga fan Arriva op it plein by de Aldehou yn Ljouwert. Op en yn de bussen binne in protte teksten yn it Frysk, de nammen fan de stasjons wurde yn it Frysk omroppen, de meiwurkers hawwe it Frysk goed yn 'e macht. Dat is krekt sa't de Ried it graach sjocht: it befoarderjen fan de deistige sichtberens fan it Frysk. Arriva is dêr in hiel goed foarbyld fan.

### **Fryske Reklamepriis (telefyzje)**

De winner fan de Fryske Reklamepriis 2018 (telefyzje) is Mazzelshop Camping Totaal, dy't op 28 juny it Grutte Pierbyldsje mei in oarkonde útrikt krige hat fan Nina Hiddema, de ynterimdirekteur fan Omrop Fryslân. Hja hiene twatredde fan de stimmen foar harren spotsje *Camping ûnderweis*. In byldsje is ek oerlange oan de skriuwer, skepper en produsint Wilfried Bijma fan Merlin produksjes, dy't mei dy priis derby al trije kear it winnende spotsje úttocht hat. Oane Bos fan Sibrandabuorren wie de publykswinner en krige in iPad mei nei hûs ta.

### **It Nijs**

In delegaasje fan de Ried hat yn july mei de Provinsje om tafel sitten om te praten oer It Nijs. In jier ferlyn wie der in plan yntsjinne om de Ried te stypjen om te besykjen in breder en oar publyk te berikken.

By dat petear die bliken dat de Provinsje gjin eksta stipe ferliene kin om't der allinnich budzjet foar digitale taalhelpmiddels is en It Nijs passet net yn de definysje dêrfan. De Provinsje suggerearre gearwurking mei Omrop Fryslân. By in ferfolchpetear by de Provinsje op 1 oktober mei de Omrop is Dingtiid ek oanskood. Mei de Omrop wie yntusken al oer bydragen oan It Nijs praat, mar by dat petear wurdt dúdlik dat soks net slagje sil. Oarsom sei de Omrop wol bydragen fan It Nijs mei boarnefermelding oernimme te wollen (mar der is dêrnei yn de praktyk neat fan op 'e hispel kommen). De foarname fraach is op 'e tafel lein wat nut en needsaak fan It Nijs foar it stimulearjen fan de Fryske taal is. Konklúzje wie dat dy beheind is om't oanwaaks fan it tal lêzers ôfgrysliek dreech bliuwe sil yn de kompetitive merk fan nijsberjochten dy't langer de hiele dei troch by elkenien op de telefoan komme. Der is allinnich mei profesjonele nijsbedriuwen te konkurearjen om omtinken fan de lêzers as wy ús mear ûnderskiede. Op advys fan Dingtiid is dêrom mei de redaksje ôfpraat dat It Nijs mear in aktualiteite- en opinyblêd wurdt. Dy koertswiziging is ynset mar hat noch net mear lêzers opsmiten.

### **Brûken fan foto's op It Nijs**

It brûken fan foto's op It Nijs wurdt nochris yngreven bepraten fanwegen it gedoch oer de rjochten. Eins soe it fjouwer-eagen prinsipe hjir brûkt wurde moatte, mar dat freget in protte tiid en omtinken. Alde foto's binne yn alle gefallen fuorthelle om problemen foar te wêzen. De rjochtssaak oangeande it brûken fan in foto sûnder tastimming fan de makker rint noch hieltyd.

### **De Nije**

It lêste nûmer fan ús eigen tydskrift Swingel kaam út yn july 2017. Dat wie nûmer 50. Wy binne opholden mei Swingel. Ofrûne hjerst hawwe wy in soad tiid stutsen yn *De Nije*, in breed en folslein Frysktalich tydskrift mei in protte moaie foto's. Dat tydskrift is oan alle stipers tastjoerd en te keap by in protte boekwinkels. Pier Bergsma en Aant Mulder ha it measte wurk der foar dien.

De útjefte is eins ek in merkûndersyk: hoe grut is it ferlet fan in folslein Frysktalich blêd? Pear bysûnderheden: oplaach 2500 stiks, 64 siden, tekst en foto's, priis €4,95, stipers krije it fergees, útjûn troch Weissenbach.

Yn *De Nije* is in oersetwedstryd opnommen fan it liet "*In the big rock candy mountains*".

Oersettingen yn it Frysk, Nederlânsk, Stedsfrysk, Bildtsk of Stellingwarfs moatte foar 1 maart 2019 stjoerd wurde oan [ynfo@fryskebeweging.frl](mailto:ynfo@fryskebeweging.frl). De haadpriis is in Harmonie teaterbon fan € 150,00. Dêrneist binne fiif cd's mei muzyk út de film as treastpriis beskikber.

## Kongressen en lêzingen

### **Fedde Schurerlêzing op 8 desimber 2018**

Op 8 desimber hat prof. Dr. G.T. Jensma, histoarikus en sûnt 16 july 2008 heechlearaar yn de Fryske taal- en letterkunde oan it Frysk Ynstitút fan de fan de Fakulteit der Letteren fan de Ryksuniversiteit Grins (RUG) de Fedde Schurerlêzing hâlden ûnder de titel: **Millennial mienskip. Fryske taal en kultuer nei 2018.**

Mr. S. Feitsma is sûnt jannewaris 2014 PvdA-wethâlder fan Ljouwert. As wethâlder is hy ferantwurdlik û.o. foar kultuer en foar Ljouwert 2018 kulturele haadstêd en wat dernei komt. Hy hat in reaksje jûn op it ferhaal fan Jensma.

De muzikale bydrage waard fersoarge troch Welmoed Poelstra út Hallum. Se wie ôfrûne maitiid ien fan de priiswinners fan it Prinses Christina Concours.

Nei de beide Frysktalige lêzingen wie der romte foar fragen en diskusje. De middei is ôfsletten mei in hapke en in drankje.

### **FUEN-kongres**

Fan 20 oantemei 24 juny wie it 64<sup>ste</sup> FUEN (Federal Union of European Nationalities) kongres yn Ljouwert. It wie in grut sukses, mei troch it krewearjen fan Pier Bergsma en Aant Mulder fan de Ried. Sy ha in bulte wurk ferset om it kongres hjir te krijen, mar ek om it programma en de finansiering rûn te meitsjen. En dan ûnderwilens ek noch in rinnende helpdesk wêze! Der wiene mear as 200 besikers fan rûchwei 30 nasjonaliteiten, mei wolkomspraatsjes troch deputearre Poepjes en boargemaster Crone, gasten fan it Europeeske parlemint, Hege Kommissariaat fan Nasjonale Minderheden, ambassadeurs en regionale bestjoerders fan bûten ús eigen lân.

## Ryp en grien

### **Belizzingen by de Rabobank**

Der hat in petear west tusken de Rabobank en de ponghâlder oer de belizzingen fan de Ried.

### **Brief oan Raad voor Cultuur**

De Ried stiet op skerp oangeande de Fryske kultuerregio. Wy ha ús betinkingen oer de amtners dy't dêr anneks mei binne en wachtsje ynearsten it brief fan it Kolleezje dêroer ôf

### **Kulturele Haadstêd 2018**

De Ried hat op It Nijs omtinken jûn oan de Kulturele Haadstêd 2018.

Yn it ramt fan Kulturele Haadstêd 2018 hat de Ried in bûnt ferskaat oan útnûgingen krigen, sa as de iepening fan Lân fan Taal, OBE, MeM, HCL, Friezedei ensf.